

PERSBERICHT

Nummer: 058 AJV

Datum: 20 april 2021

Provincie zet in op continuering openbaar vervoer

De huidige busconcessies in Fryslân lopen 10 december 2022 af. De provincie wil ook daarna zo goed mogelijk openbaar vervoer aanbieden en is daarover met Arriva in gesprek. De coronapandemie zorgt daarbij voor grote onzekerheden.

Het College van Gedeputeerde Staten koerst op een overbruggingsconcessie van twee jaar, om daarna het busvervoer weer voor een langere periode aan te besteden. GS vragen Provinciale Staten om in te stemmen met de uitgangspunten voor die tijdelijke concessie. De detailuitwerking is daarna aan GS. Het gaat om een flexibele concessie, zodat provincie en Arriva goed kunnen inspelen op hoe de situatie in 2023 en 2024 zal zijn.

Het continueren en zoveel mogelijk op peil houden van het OV is een van de belangrijkste doelen. Belangrijk uitgangspunt is dat alle kernen die nú een vorm van openbaar vervoer hebben ook na 10 december 2022 over openbaar vervoer beschikken. Doel is ook het vergroten van het aantal mensen dat het busvervoer wil gebruiken. Deels betreft dit reizigers die tijdelijk zijn gaan thuiswerken. Ook hoopt de provincie nieuwe doelgroepen te interesseren voor de bus.

Volgens huidige verwachtingen is niet te voorkomen dat de omvang van de dienstregeling slinkt, ook omdat er minder geld beschikbaar is. In de huidige concessies rijdt Arriva jaarlijks 615.398 dienstregelingsuren (DRU's). Door corona is dit teruggebracht, op dit moment met 10 procent. Volgens een prognose van Arriva zou dat tijdens de overbruggingsconcessie verder kunnen afnemen tot 530.000 DRU's of zelfs 475.000 DRU's, maar niets is nog zeker.

Het gaat om voorlopige verwachtingen. "Hoe het precies zal worden staat nog niet vast en hierover zijn we in gesprek met Arriva. Vaststaat wel dat we de reiziger steeds zo goed mogelijk willen bedienen", zegt gedeputeerde Avine Fokkens-Kelder.

PARSEBERJOCHT

Nûmer: 058 AJV

Datum: 20 april 2021

Provinsje set yn op kontinuearring iepenbier ferfier

De hjoeddeistige buskonsesjes yn Fryslân rinne op 10 desimber 2022 ôf. De provinsje wol ek dêrnei sa goed mooglik iepenbier ferfier oanbiede en is dêr mei Arriva oer yn petear. De koroanapandemy soarget dêrby foar grutte ûnwissichheden.

It kolleezje fan Deputearre Steaten hâldt op in oerbrêgingskonsesje fan twa jier oan, om dêrnei it busferfier wer foar in langere perioade oan te besteegjen. DS freegje Provinsjale Steaten om yn te stimmen mei de útgongspunten foar dy tydlike konsesje. De detailútwurking is dêrnei oan DS. It giet om in fleksibele konsesje, sadat provinsje en Arriva goed op hoe't de situaasje yn 2023 en 2024 wêze sil ynspylje kinne.

It kontinuearjen en safolle mooglik op peil hâlden fan it OV is ien fan de wichtichste doelen. Wichtich útgongspunt is dat alle kearnen dy't nó in foarm fan iepenbier ferfier hawwe, ek nei 10 desimber 2022 oer iepenbier ferfier beskikke. Doel is ek it fergrutsjen fan it tal minsken dat it busferfier brûke wol. Foar in part binne dat reizgers dy't tydlik thúswurkje. Ek hopet de provinsje nije doelgroepen foar de bus te ynteressearjen.

Neffens de hjoeddeistige ferwachtings is net foar te kommen dat de omfang fan de tsjinstregeling ôfnimt, ek omdat der minder jild beskikber is. Yn de hjoeddeistige konsesjes rydt Arriva alle jierren 615.398 tsjinstregelingsoeren (DRU's). Troch koroana is dat werombrocht, op it stuit mei 10 prosint. Neffens in prognoaze fan Arriva soe dat yn de oerbrêgingskonsesje noch fierder ôfnimme kinne oant 530.000 DRU's of sels 475.000 DRU's, mar der is noch neat wis.

It giet om foarriedige ferwachtings. "Hoe't it krekt wurde sil, stiet noch net fêst en dêr binne wy mei Arriva oer yn petear. Fêst stiet wol dat wy de reizger hieltyd sa goed mooglik betsjinje wolle", seit deputearre Avine Fokkens-Kelder.